

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Jiergong 45 nûmer 5

juny 2015



Redaksje:

Tryntsje Bouma
Bauke Dijkstra
Metsje Huitema
Sjoerd van Beem
Willem Wijnia

Adres:

Pieter Coopmanstraat 29, 8701 BN Bolsward
Griene Leane 17, 8734 GP Easterein
Tywert 4, 8731 CL Wommels
M.O.H.strjitte 10, 8731 AG Wommels
De Homeie 27, 8731 EC Wommels

tillefoan:

06-44057088
0515-333295
06-48713325
0515-331444

Internetredaksje:

Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:

Willem Wijnia
Gida Heerma
Baukje de Jong
Robert Schilkamp
Syb Overal
Tina Wiegers
Bauke de Boer
Durk Okkema
Oetze Paauw

De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Pipegaal 11 8731 DB Wommels
v.Eysingaleane 22, 8734 GD Easterein
Hofkamp 33, 8731 BT Wommels
Streek 30, 8734 GR Easterein
P. ten Bokumstrjitte 15, 8736 JG Reahus
A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein
Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein
Skiippersbuorren 11 8734 GT Easterein

tillefoan:

0515-331444
0515-332227
0515-852400
0515-331816
06-51261950
0515-331365
0515-332555
0515-333005
0515-332094

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Foarsitter jongerein
Wedstrydsekretaris
Ledenadministraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken
Skoalleseize

Jongereinkommisje:

Robert Schildkamp Hofkamp 33, Wommels
Bote Strikwerda Wyniastrjitte 10, Spannum
Thecla Klynsmma Geins 32, Wommels
Hans v.d. Schaar Hofkamp 6, Wommels

tillefoan:

0515-331816
0517-342169
0515-333037
0626785381

funksje:

Foarsitter
Algemien lid
Algemien lid
Algemien lid

Technyske Kommisje Senioaren vv SDS

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Durk Okkema
Koördinator SDS 1 en 2: Fakant
Koördinator SDS 3 en 4: Ids Boersma
Koördinator sealfuotbal: Willem Wijnia
Koördinator Froulju: Fakant

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:

.....
Jan-Rinse Blanksma 06-53803817
.....
Akke Rixt Zysling
Ferry Korbach en Theo Postma
Folkert-Rients Vellinga
.....

Foarsitter
Skriuwer
Coördinator A- en B-junioren
Coördinator C-junioren
Coördinators D-pupillen
Coördinator E-pupillen
Coördinator F-pupillen

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl	=> Willem Wijnia
Ponghalder@vv-sds.nl	=> Baukje de Jong
PRcommissie@vv-sds.nl	=> Bauke de Boer
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl	=> Robert Schildkamp
Ledenadministrasje@vv-sds.nl	=> Tina Wiegers
Sekretaris@vv-sds.nl	=> Gida Heerma
TC-foarsitter@vv-sds.nl	=> Durk Okkema
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl	=> Robert Schildkamp
Accomodatje@vv-sds.nl	=> Oetze Paauw

Sponsor- c.q. PR-kommissje

Bauke de Boer	Shirtsponsoring (PRcommissie@vv-sds.nl)
Hendrik Engbrenghof	Treffer en website
Ype Tiemersma	Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Pep de Boer	Administrasje
Enne Bruinsma	Algemien lid

Aktiviteitenkommissje: fakant

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, A's en seal: Jappie Wijnia, de Jister 3A, 8731 EB Wommels. tel:0515-332245
Jeugd B, C en D's: Pieter de Boer, 't Bosk 37 TE, 8731 BJ Wommels tel: 06- 10018187
Jeugd E, F en wedstrydplanning: Robert Schilkamp, Hofkamp 33, 8731 BT Wommels tel:331816

Skiedsrjochterkoördinators:

Auke Eringa Email a.eringa@hetnet.nl Tel 0515 33 26 49
Friso Albada Email frisoalbada@home.nl Tel 0515 33 22 82

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein

tillefoan:

0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Bankrelasje: NL60RABO0349501033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	<u>Tillefoan:</u>
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Gelf Ykema, Klampe 4, 8734 GS, Wommels	06-12333448
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Reahûs/Turns:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Syben Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Grits 14, 8732 EJ Kubaard	0515- 332649
Hidaard:	Harm Bergsma, Skoallestrjitte 46, 8734GN Easterein	0515-332476
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje(per 1/1/2015) :

Senioren fjildfuotbal:	€ 64,20	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 46,25	it healjier
A- en B-junioren:	€ 51,-	it healjier
C-junioren:	€ 42,90	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 34,95	it healjier
F-pupillen:	€ 30,35	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong fergees.

In programmaboekje kostet foar foar leden, sponsers en freonen fan SDS €1,-.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Enne Jehannes Bruinsma (till. 0515-332013).

Stipers

Mear ynformaasje by Enne Bruinsma (0515-332013)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside www.vv-sds.nl fia "**oan-/ôfmelde**".

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitiimasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Tina Wiegers (till. 0515-331365).

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as jim heelas ôfmelde moatte/wolle

Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder enz.)

Hjirfoar binne twa data: foar 15 juny en 1 desimber.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurdde, dit is omdat SDS dan ek ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

September/oktober 2015

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : detreffer@vv-sds.nl

Fan de redaksje en it bestjoer

Hjir de lêste Treffer fan it fuotbalseizoen 2014-2015. Yn dizze Treffer sjogge wy werom nei it ôfrûne seizoen mei help fan jim ferslagen, mar ek blikke wy ek werom op de machtige SDS-feiling op 30 maaie. Dêrneist sjogge wy foarút nei de kraker: SC Heerenveen – MVV op freed 17 july om 19.00 oere yn Easterein. Ek is der in alderaadichst petear mei Friso Albada en it meast grutsk binne wy op it petear mei de âld-foarsitter en miskien wol grutste SDS-supporter Hendrik Boersma.

Alle skriuwers tige by tige!

Wy winskje jim in noflike simmer en oan 't SC Heernveen – MVV.

(WW)



SC Heerenveen - MVV Maastricht	SDS-feiling grut súkses!!	Jieroersjoch mei Hendrik Boersma
 sc Heerenveen M.V.V. Maastricht		
side 6	side 9	side 13

Ynhâld

Fan it jeugdbestjoer	5
SC Heerenveen-MVV Maastricht op 17 july yn Easterein.....	6
Wurd stiper fan SC Heerenveen - MVV.....	7
De SDS-lotterij en -feiling	8
De SDS-feiling.....	9
It seizoen troch de eagen fan Hendrik Boersma.....	7
SDS 2 2014-2015.....	Fout! Bladwijzer niet gedefinieerd.
Hite nûtsjes	16
SDS 5 / SDS Vr.1.....	Fout! Bladwijzer niet gedefinieerd.
SDS- League: “Postmeister” wint!	20
Efkes baljen giet altyd troch.....	21
Ôfskie nimme fan Friso Albada?	22
SDS Klean	25
SDS-Look-a-likes (12)	25
SDS A1/C1/MD1/D1/E3/F1 2014-2015.....	26
Doelpunten 2014-2015	34
Aginda	36

Fan it jeugdbestjoer



Als ik dit stukje schrijf hebben de Nederlandse dames inmiddels de kwartfinale van het WK bereikt. En als je dit stukje leest weet of ze Japan hebben verslagen. Vrouwenvoetbal wordt steeds populairder en dat merken we bij SDS ook. Volgend seizoen teams bij de D's en de C's en ook bij de E-tjes voetballen al weer een heleboel meisjes. Wie weet welk positief effect heeft. De groei zit er in ieder geval goed in en MD1 dit seizoen ook laten zien dat ze niet voor

spek en bonen meedoen. Kampioen en halve finale beker zijn de felicitaties waard.

Ook een succes was Slotjun. Het weer liet ons voor het eerst in jaren in de steek, maar de inzet van de vrijwilligers, de opkomst en het plezier was er niet minder om. De hindernis baan was misschien wel erg glad, en het wachten bij de penalty's was wellicht wat koud, maar iedereen deed zijn uiterste best om de één van de bokaal te winnen. En ook de patat smaakte weer heerlijk. Nu het seizoen voorbij is start voor de Jeugdcommissie en de TC jeugd weer de zoektocht naar vrijwilligers. De eerste leiders en trainers voor de nieuwe teams zijn al gevonden. Maar voor een hoop teams zullen we binnenkort de ouders benaderen. Ik kan me voorstellen dat leider zijn voor menigeen een hele klus is. Maar bedenk dat je het niet alleen hoeft te doen. Ook als je leider wilt zijn, maar dan niet alleen, horen we dat graag. En voor moeders die geen verstand van voetbal hebben, er moeten rij- en wasschema's gemaakt worden en e-mails verstuurd worden. Daar hebben de meeste voetbal vaders dan weer geen verstand van.

In de jeugdcommissie hebben we ook nog een vacature. We zoeken iemand die het leuk vind om de organisatie van de toernooien op zich te nemen. Zowel op het veld als in de zaal houden we een paar keer per jaar een toernooi. Tevens ben je als lid van de JC medeverantwoordelijk voor het reilen en zeilen bij de jeugd. Wil je meer weten dan kan je me altijd benaderen.

Ook nog een korte vooruitblik naar het nieuwe seizoen. Omdat het B-veld niet in augustus beschikbaar is, hebben we alleen de standaard teams ingeschreven voor de bekerwedstrijden. Daarmee begint niet voor iedereen het seizoen op 22 augustus. De competitie begint 12 september en dan is iedereen weer los. We hopen wel dat er dan genoeg gras op het B-veld staat zodat we weer allemaal in Easterein kunnen voetballen.

Tot slot nog een woord van dank voor iedereen die bezig is geweest met de indelingen van volgend jaar. Per definitie een klus waarvan je weet dat je niet iedereen gelukkig hebt gemaakt. Toch hopen we een zo goed mogelijke indeling te hebben gefabriceerd. En lessen die we dit jaar weer hebben geleerd zullen ons helpen volgend jaar een nog betere indeling te maken. Ik wens iedereen een hele fijne vakantie toe.

Groet,

Robert Schildkamp, foarsitter-jongerein@vv-sds.nl

SC Heerenveen– MVV op 17 july yn Easterein!

Op freed 17 july spylje SC Heerenveen en Eerste-Divisie-klup MVV Maastricht yn Easterein om 19.00 oere in oefenwedstryd tsjin elkoar.

De opbringst fan de wedstryd komt ten goede oan it keunstgersfjild fan SDS.

De wedstryd sil in fantastysk en unyk barren wurde foar de hiele Greidhoeke.

Middeis fan 14.00 oere – 16.00 oere sil der foar de fuotbaljende jeugd fan SDS oan 't 12 jier in spesjale klinik wêze troch trainers fan SC Heerenveen. Om

18.00 oere komme de spilersbussen fan SC Heerenveen en MVV yn Easterein oan en kin eltsenien sjen hoe 't de spilers harren tariese op de wedstryd. De

wedstryd begjint om 19.00 oere mei it sjongen fan it Frysk folksliet en alle spilers sille opkomme mei in lytse SDS'er oan de hân. Yn de rêst mei wat

SDS-jeugd penalty sjitte op in jeugdkeeper fan SC Heerenveen. Nei de wedstryd is der foar eltsenien gelegenheid om handtekeningen te freegjen oan

de fuotballers. Foar lju út Easterein en omkriten is it ferstannich om op de fyts nei nei de wedstryd te kommen, want it sil wol drok wurde mei auto's. Kaarten

yn de foarferkeap koste foar **folwoeksenen €8,-** en **foar bern o/m 14 jier €4,-**. Kaarten binne te krijen by de **Jumbo-Kooistra yn Wommels, Camping De Finne yn Reahûs en by Douwe-Dirk Reitsma yn Easterein.**

Oan de kassa koste de kaarten respektivelik €10,- en €5,-.

Foar alle jeugdleden fan SDS dy 't SDS-keunstgerslotten ferkocht hawwe en de Minileague'ers is de yntree fergees!

De A's en de B's kinne harren kaartsje ophelje by:

Tjerk van der Pol, Geins 5, Wommels

De rest kin in kaartsje op namme ophelje by:

Willem Wijnia, De Homeie 27, Wommels

Douwe-Dirk-Reitsma, Smidslân 11, Easterein

Foar de klinik koenen **de D's, E's en F's en Minileagues fan ôfrûne seizoen** harren opjaan fia de SDS-side. De klinik sit al fol mei 80 bern!



Wurd ek stiper fan SC Heerenveen– MVV!

Om jild te genereren foar it keunstgers kin SDS noch wol wat jild brûke. Hjir foar hat SDS foar de wedstryd SC Heerenveen - MVV op freed 17 july wat spesjaals betocht. Dit is foar ús donateurs; "de Freonen fan SDS", mar ek foar oare stipers en lju dy 't dit wat ta liket.

Je kinne al foar **€25,-** de wedstryd stypje.

Hjirmei komme je **yn it programmaboekje** te stean as wedstrydstiper en krije je **ien frijkaart** foar de wedstryd SC Heerenveen - MVV.

Je kinne de wedstryd stypje troch kontakt op te nimmen mei

* **Douwe-Dirk-Reitsma, Smidslân 11, 8734 HJ Easterein tel: 0515-332500**

mail: douweenjetreitsma@hetnet.nl

* te mailen nei info@vv-sds.nl

* it formulier yn te fullen wat stiet op www.vv-sds.nl

Súkses en alfêst tige by tige!



De SDS-lotterij

Fan healwei maart oan 't 30 maaie binne alle fuotbaljende SDS-leden drok dwaande west om SDS-lotten te ferkeapjen. Net in makkelijke opjefte dêr 't de lotten €10,- per stik kosten. Al mei al binne wy der dan ek tige grutsk op dat der dochs 2362 lotten ferkocht binne.

Út de ferkochte lotten trok boargemaster Liemburg op sneon 30 maaie de folgende priiswinners

Haadpriis: Sijtze Bouma út Wommels (€3000,-)!!

2e priis: Geertje Posthuma út Wommels (€1500,-)

3e priis: Henk Postma út Wommels (€500,-)

4e priis: T. Engelsma út Reahûs (SDS-trainingspak)

5e priis: Michiel Zuidema út Wommels (SDS-trainingspak)

6e priis: Geert Dijkstra út Winsum (SDS-tas)

7e priis: Enno Bruinsma út Easterein (SDS-hoodie)

8e priis: Hieke van der Ploeg út Easterein (SDS-sweater)

9e priis: S. Wiersma út Itens (SDS-sjaal)

10e priis: R.H. Altenburg út Reahûs (SDS-sjaal)

De winner fan de 2e priis, Geertje Posthuma, liet lyk witte dat SDS de €1500,- hâlde mei!

Dochs alderaadichst dat F-pupil Sijtze Bouma de haadpriis wûn. Sels hienen wy ús jild setten op de grutte stiper fan vv Nijland Huitema dy 't hiel wat SDS-lotten kocht hie. Ek Anne Brouwer wie in hiele grutte kanshawwer. Wy kamen him yn hiel wat boekjes tsjin mei hiel wat "skûlnammen"; O.Brouwer, Oane Brouwer, Oene Brouwer, Ane Brouwer, A. Brouwer en Anne Brouwer kamen foarby.

De spilers en âlders fan SDS F2 krije wat ús oanbelanget de grutste komplimenten. Alle spilers fan dit team ferkochten âlle lotten dy 't sy ferkeapje koenen. Dêrneist komplimenten foar Pieter en Jan Sytsma dy 't as earsten 2 lege lottenboekjes brochten en Bram van Beem dy 't as earste al syn lotten ferkocht hie. De famile De Jong út Easterein holp de fam. Euper om de lotten fan Larisaa en Philip fan F2 te ferkeapjen en dat mei grut súkses.

Al mei al binne wy grutsk op jim allegear en kinne wy melde dat wy mei de ferlotting in dikke €20.000,- ophelle hawwe.



(WW)

De SDS-feiling

Op sneon 30 maaie organiseare SDS in grutte SDS-jûn om jild te garjen foar it opkreasjen fan it sportkompleks de Skoalleseize yn Easterein en dan bynammen it bekostigjen fan de oanlis fan in keunstgersfjild. Der wie in barbekjoe wêr 't 150 lju op ôf kamen, Draaiend Rad, de útslach fan de SDS-ferlotting en in grutte SDS-feiling yn in propfolle SDS-kantine.

Nei in noflikke barbekjoe, Draaiend Rad en de SDS-ferlotting koe it oangean mei de SDS-feiling. Feilingmaster Skelte Anema fieldde it goed oan en brocht de sfear der goed yn. Alle SDS'ers woenen wol graach ta de bûse wat sels betsjutte dat inkelde feilingstikken faker lans kamen. Populêre stikke wienen û.o. de sels makke SDS-klok fan Harm Stremler (2x), it "pretpakket" fan de Fizel, de 50 muntsjes fan it Dielshûs, 3 (!) fustjes bier fan de Jimbar en in dei te silen (2x) mei Durk-Jorrit van der Eems op it Iselmar. Topstik "1 minút fergees boadkipje by de Jumbo yn Wommels" gie as lêste fuort foar mear as €200,-. Sipke Hiemstra gie der mei dit feilingstik fan troch en is nea sa faak yn de Jumbo west as de wiken nei de feiling om him ta te rieden op "de 1-minút". Da thy him goed tarêd hie docht wol bliken út de úteinlike opbringst. Op tiisdei 9 juny helle hy foar mar leafst €680,- oan boadskippen yn ien minút by de Jumbo wei!

De grutste opbringst op de feilingjûn wie der foar in middei te faren mei Germ Stenekes. Dit gie fuort foar mar leafst €600,-!! Al mei al brocht de SDS-feiling sa 'n €9000,- op.

(WW)



It seizoen 2014-2015 troch de eagen fan Henk Boersma



Weromsjen op it seizoen 2014-2015 kin je it beste dwaan mei Hendrik Boersma fan Wommels, mar earder hiel lang fan Easterein. Wij kinne ús net foarstelle dat er ek mar ien man of frou faker op de Skoalleseize west hat as Hendrik Boersma. Alle dagen makket hij syn fytsrûntsje fanút in oanleunwenning yn de Bining. Dat rûntsje giet altyd lâns de fjilden fan SDS. Sneons is hij betiden de earste dy't him meldt en mei grutte belangstelling folget hij de wedstriden fan âld, mar foaral ek fan jong. Ek de prestaasjes fan de froulju hawwe syn oandacht.

Hoe komt dizze 81 jierrige supporter oan syn ynformaasje, want de kâns dat Boersma mei docht oan ynternet en sosjale media skat ik hiel leech yn. Dus op de freed fan de Wommelser feesten sjoch ik efkes bij him en gean ik op syk nei it geheim fan Boersma syn kennis en freegje ik him wat hij fan it seizoen 2014-2015 fynt, wat him foaral opfallen is en wat hij fan keunstgers fynt.

Hoe komme jo oan de ynformaasje fan de wedstriden?

It briefke yn it hokje bij it fjild, dêr lêst ik wat er komt. Meastal hinget dat briefke dêr op freed en dat is wol wat let. Fierders hear ik wolris wat.

Folgje jo bepaalde teams?

Nee, dat briefke is fan mij fan belang om te sjen dat er fuotballe wurdt. Wa't er fuotballet, makket mij net folle út. Ik wol gewoan graach witte dat er wat te sjen is.

Hoe sjocht jo gewoane dei der út?

Ik fyts moarns altyd in rûntsje, sjoch efkes bij de Skoalleseize en gean dan meast Hinnaard om. Bin dan om goed 11 oere werom en middeis nei it iten doch ik noch in rûntsje. Op in dei fyts ik dan sa'n 30, soms 40 kilometer. Op sneon bin ik om 9 oere bij SDS en om kertier oer âlven set ik wer ôf om thús te iten. Middeis gean ik dan wer nei SDS.

Dan geane jo nei it earste?

Net spesifyk. Ik sjoch ek nei oaren. It earste is net mear wat it west hat.

Hoe bedoele jo?

Der wiene tiden dat SDS in gouden foarhoede hie mei û.o. Jappie Wijnia as spits. Der wiene ek tiden dat der net troch it middenfjild hinne te kommen wie mei (Wouter Hylkema en Klaas Okkema) en der wie in tiid dat der efter hielendal net ien troch kaam en dat wie mei Floris Hiemstra as lêste man. Dat is no allegear wat minder. Ik kin se ek net allegear mear, miskien skeelt dat ek wol.

Hendrik Boersma hat jierrenlang bestjoerslid west bij SDS. Hij wie foaral de man fan net te folle prate mar dingen dwaan. Hij wie altyd op en bij it fjild te finen en as ponghâlder helle hij de kontríbúsje persoanlik op bij de leden. Earst ien, letter twa kear yn de moanne. Hij hat hiel wat stapkes set foar SDS. Yn de Jubileum Treffer fan 1972 (SDS 25 jier) stiet yn de rubryk wisten jo dat it folgjende..... wisten jo dat H. Boersma yn syn 12 jierriich bestjoerslid wêzen 12 pear klompen te'nein rûn hat en dat hij dan ek net samar útroppen is ta sportman fan it jier 1969? Hendrik Boersma is lid fan fertsjinsten fan SDS.

Jo kinne wol reedlik wat jeugdspilers?

Falt wol ta, mar at ik se wol kin, komt dat fan de âlders of de pakes. Ik sjoch bij sommige bern gewoan wat werom en dan mei namme dy't fan Easterein komme.

Ha jo sels ek fuotballe?

Yn de begjinjierren fan SDS haw ik fuotballe. Jeugd wie der doe net, dus ik kaam gelyk yn it twadde. Ik wie foarhoedespiler en wie wol aardich fluch.

Wat fûnen jo fan dit seizoen?

Gewoan sa as oare seizoenen. It earste bin ik ferskillende kearen net west, want at it dan middeis hiel hurd waaid of it is kâld dan gean ik moarns wol nei de jeugd en middeis net nei it earste. Ik fyn it foaral moai om sokke teams as E1 en D1 te sjen. At er al wat mear fuotbal yn komt.

Geane jo wol ris nei útwedstriden fan SDS 1?

Earder wol mar no net mear. It is mij te fier op de fyts en ik wol net bûn wêze.

Wat fine jo fan keunstgers?

Dat liket mij goed ta. Ik haw noch nea bij in wedstriid op keunstgers west dus wit ik net hoe dat is. Ik hie tocht dat se dat keunstgersfjild earst dwaan soenen, dat is dochs it wichtichste net...

Op 17 july komt sc Hearrenfean nei Easterein tsjin MVV. Hoe liket jo dat ta?

Dat is wol leuk , ik haw al iets heard, mar wist net dat de tsjinstanner MVV wie. Ik tocht it sil wol in regio-alvetal wêze. At de ynformaasje net yn it hokje hinget dan moat ik it fan hearen en sizzen ha.

Folgje jo it keatsen ek?

Dêr sjoch ik gjin moer fan. It sjen mei myn iene each is hast neat mear en de oare begjint ek staartrekjes te fertoanen. De bal moat dus grut wêze.

Binne hjir mear SDS folgers yn de Bining?

Net echt, allinne Venema wurdt ek noch wol ris ophelle om efkes te sjen.

Mei de tasizzing dat Boersma de foto's dy't bij dit petear pleatst wurde, krijt, set ik ôf, want syn iten stiet klear. Hendrik Boersma, in bysûndere supporter fan SDS hoopje wij noch lang te sjen op it sportpark yn Easterein. En it is dúdlik dat nettsjinsteande dizze digitale tiid wij noch net sûnder ynformaasjehokje kinne. Of soe it allinne mar foar Boersma wêze.

(Aant)



SDS 2 2014-2015

Sunder “diplomeerde” trainer, mar mei in motiveerde Bote foar de groep begun yn augustus de tarieding op seizoen 2014-2015. Nei in terloarstellend beker/oefenbegjin gie de competitie yn september los. Nei in start mei 2 nederlagen pakten we ut bij Makkum us eerste puntsje en 2 wiken letter sels de earste 3 punten tsjin de Oeversweltsjes, helaas ek de leste winstpartij foar it winterskoft. Wol waard der nog 3x lykspile, sadat we op 6-12-2014 7 punten hiene. Helaas waard toen de (achterof) cruciale wedstriid thus tsjin Makkum mei 1-2 ferlern. Nei it winterskoft in nij gesicht foar de groep, Piet Roersma ut Dronryp. De earste wedstriid wie direct in winnende, 0-2 bij de Oeversweltsjes. Helaas koene we dizze goeie start net fest halde, en pakten we allinich tsjin Minnertsgea nog 3 punten. Uteindelijk binne we mei 13 punten op plakje 10 utkommen, wat ynhold dat we fia de neikompetsje nog in kans hiene. Yn die neikompetsje masten we nei Rypstjerk om der de pleatselike VV te treffen, die gie helaas finaal mis en we ferlearen mei 4-0. De return yn Easterein soe wol in “formaliteit”wurde tochten se yn Rypstjerk... der tochten wij oars oer en we kamen nog ticht bij mei in 3-0 oerwinning.

Nei jieren 2e klasse spyle te hawwen, spitich genoch takom jier in niveautsjie leger. Litte we it positief besjin en utgean fan in mooi, sportief en winnend 2015-2015. Nog efen in speciaal wurd fan tank foar de trainers Bote en Piet, Grinsrjochter Klaas en topleider Jeroen! (PK)



DE GREIDHOEKE

Sportkafé – Sporthal – Easterein



beoefenje
Sport
oanmoedigje

hjir mei **bytanke**
by Titus

GERBRANDY
HEIBEDRIJF

in Geheid Heien!!!

It Stalt 19
8731 EA Wommels
Telefoon (0515) 333337
Fax (0515) 333211
Mobiel 06 - 53234548

Hite nûtsjes

Hast ek noch wat kocht by de SDS-feiling?

Der wienen in hiel soad lju dy't in follere beurs as my ha, dat ik ha it net oprêden wat te keapjen. It gong sa moai as wat trouwens!

Skelte hie de seal yn syn bûse, wat do?

Skelte die it machtich! Hy stie heech op de tafel prate lûd en dúdlik en wist eltsenien oan syn lippen te hingjen. It wie lykas mei boadskipjen. Je geane foar in lyts boadskipke nei de winkel en je komme mei in karre fol by de kassa. It wie dat in soad manlju restriksjes krigen hienen fan de frou oars wie de opbringst wol rjochting de €20.000,- gien.

Sels do wiest hjir gefoelich foar west asto net efter de taap stean moastest fan de faam.

Ik tink do giest wol foar 8 oeren Tanja Túnoannimer! Dat is moai 16 kear in heal oere dyn gers meane. Dan bisto der foar it hele jier ôf!

Jaja, mar ik ha lêzen dat gersmeanen in 'rustgevende bezigheid' is, dus ik wol dy 5 kear yn't jier graach sels even mei pakke.



SC Heerenveen - MVV yn Easterein! Wat fynsto dêr fan?

Machtich moai! De tarieding is dan san 3 wiken ûnderweis en it is aardich om te sjen hoe as de ploech der foar stiet. Wa wit sjogge wy de nije spits en keeper yn aksje. Hjerneist komme Foppe en Riemer & Annie warskynlik ek wol mei, kinne se moai even byprate mei âlde bekenden lyk as Daan en Hinke. En miskien komt SDS ek noch yn VI's ferneamde rubryk 'Pezen in de provincie'.

Hasto dy al oanmelden as testspiler by MVV?

No ehhh, as ik it hiele formulier ynfolt ha (ek de efterkant mei myn statistieken), dan seit de kompjûter hyltiid fan: 'ERROR, this file does not exist'. Hoe soe dat no kinne?

Docht er it by dy al?

Hoefolle minsken soenen der komme tinkst?

Ik rekkenje op in folle bak! Lekker smûk meiinoar om it fjild stean. In 'natje en in droogje' binnen hânberik en noflik foarutsjen op it nije seizoen.

Wat witsto noch fan SDS – SC Heerenveen yn 1997?

Dat wie in moai barren. It waar wie perfekt en in der wienen in soad minsken te sjen.

Spile Hans Vonk de twadde helte net yn de spits?

Neffens my al, al haw ik dy net folle sjoen. Ik fuotballe dy wedstryd mei en stie tsjinoer Jeffrey Talan. Ik bedoel; ik draafde efter Jeffrey Talan oan..... Al seit dat neat oer myn ferdedigende kwaliteiten fansels, want hy helle letter wol it Nederlands

“Ik bedoel; ik draafde efter Jeffrey Talan oan”

alvetal en letter yn de seal moast hy wolris efter my oan. Hiel soms..... As hy lêst fan syn ankel hie.....

Oer in wike as 2 begjinne de BVO's al wer mei de tarieding op it nije seizoen, ferwachtesto noch opmerklike transfers?

It sil sawiesa opmerklike transfers opleverje, want ik haw gjin idee wat de klups fan doel binne. By SC Heerenveen is it ek noch rêstich wat dat oanbelanget. Neffens my wachtsje alle klups earst as sy wat ferkeapje foar as sy wat keapje kinne.

Rafael v/d Vaart is troch syn kollega's keazen ta 'Flop fan it jier', Hoe kin it dan dat Ajax him toch werom helje woe?

Ajax hat wol wat mei flops. Gabrich, Ledezma, Van Loen, Kinkladze, Cvitanich, Kuffour, Luque, Ursaiz.

Kwa postuur en fuotbalkwaliteiten past Van der Vaart hjir prima tusken. Ik tink altiten mar sa; “as je der ien by hawwe dy ‘t wat minder is dan lykje de oaren ek wer better”.

“Ajax hat wol wat mei flops”

"Guus geluk" belibbet net syn meast lokkige perioade as trainer, moat er fan't simmer al plak meitsje foar Danny Blind?

“Guus geluk” hat neffens my jierren lyn syn geloksdûbeltsje alris ferlern. Ik kin my syn lêste súkses net heuge. Of it moat de Europacup 1 wêze mei PSV yn 1988 mei al dy likense spullen..... Blind moat der sa gau as mooglik foar en dan by kwalifikaasje foar it EK lyk plak meitsje foar Ronald Koeman of Frank de Boer.

Soe Blind uberhaupt geskikt wêze?

Hy is de op ien nei minst geskikte..... op Hiddink nei dus.....

Wat fynsto fan it oerstappen fan in oantal jeugdspilers fan SDS nei oare klups? Is it foar in oantal net wat oan de betiide kant?

Dat leit foar eltse fuotballer oars. Lit my foarop stelle dat ik it machtich foar dy jongens fyn dat sy it in stap hegerop probearje meie. Dêr wurde je nea minder fan. No efkes spitich foar SDS, mar letter sille wy de fruchten der fan plukke. Betink dy b.f. dat jongens as Robert Sybesma, Gert-Jan Hiemstra en Floris Hiemstra ek in skoftke by Sneek sitten hawwe en dêrnei noch better werom kamen by SDS en jierren yn SDS 1 fuotballe hawwe. Fansels is Jesse de Vries noch hiel jong, mar wol in útsonderlijk talint. No ‘t hy by SC Cambuur traint sjocht Cambuur him begryplik leaver yn de haadklasse fuotbaljen as yn de 2e-Klasse. Dêrom kiest Jesse begryplik foar ONS-Sneek. Ek Luka van der Weg sil hjir hinne. Luka mei noch in jier yn de D1, mar is wol ta oan in stap heger. Alle jongens út syn team geane nei de C’s en der komme dus allinnich jongens fan ûnder by.

En Matthijs Postma sil nei FVC?

Kloppet! Hy kin dêr 2e Divysje spylje mei FVC B1. Dizze kans kin der no gripe. Yn it ferline koe ik op dy leeftiid sels nei Sneek, mar myn âlders seagen dit net sitten, wat ik doe hiel begryplik fûn. Letter hat my dit wolris spiten. Gewoan probearje en de doar nei SDS stiet altiten iepen. Pas nei in pear jier kinne de spilers sels it beste sizze as sy der wol of net goed oan dien hawwe om it ergens oars te probearjen.

Hiesto it net ris ergens oars prebearje wollen?

Ik hie en ha net de kwaliteiten om it betelle fuotbal te heljen en nei in oare klup as SDS as SC Hearrenfean wol ik net. Fuotbal is mear as 90 minuten en dat sit em yn de minsken dêr't je de sport mei beoefenje en dy fyn ik by SDS meastentiids wol noflik.

Ik haw heard dat âld-SDS'er Remco Hylkema nei vv Nijland ta gean soe en net nei SDS?

Ik haw gjin idee wêrom as er dat docht, ja miskien om it nivo, want de twadde klasse is toch in stap heger as de tredde.

Bliuwt er wol aktyf as skiedsrjochter by SDS? Want dan kinne we it him sels freegje.

Hy bliuwt fêst aktyf as skiedsrjochter by SDS. Dêrneist kinne wy him dan moai fuotbaljen sjen as SDS yn augustus yn Nijlân oefent tsjin vv Nijland 1. Dan kinne wy it der nei de tiid moai efkes oer hawwe mei in potsje bier en wat hite nûtsjes derby tocht ik sa! Dan komt der folgend jier fêst by SDS!

Technisch Installatiebedrijf FA. D. VAN WIEREN

Het adres voor aanleg

en onderhoud van:

Dakbedekkingen - Zinkwerk

Gas - Water

CV - Sanitair



Terp 29, 8731 AX Wommels
H. Baarda, Lollum, Tel. (0517) 469157

VOOR AL UW SCHOONMAAK
WERKZAAMHEDEN, zoals:

- GLAZENWASSEN
- SCHOORSTEENVEGEN
- GOTEN LEEGHALEN en
SCHOONMAKEN
- ONDERHOUD en SCHOONMAKEN
van GEBOUWEN en NIEUWBOUW



M. Sijszeling's
Schoonmaakbedrijf
v.o.f.

Oosterend - Wynserdyk 39

Telefoon 0515 332279

SDS 5

De mannen van SDS 5 hebben een mooi seizoen achter de rug. In de competitie is er leuk gespeeld en zijn we op een 6 plaats geëindigd. We hebben in totaal 8x gewonnen, 3x gelijk en 11x verloren. De topscoorder van SDS 5 is dit jaar Eeltje Postma geworden. Hij scoorde dit jaar 11 keer. We kijken alweer uit naar volgend seizoen.



Teamuitje

SDS 5 heeft 13 juni hun teamuitje gevierd en dat werd in stijl gedaan op de solex



Overdag hebben we te solexrijden geweest in de omgeving van Gaasterland. lekker rond toeren en zo nu en dan it terras op voor een biertje.



Bier tijd!!!



Tijd voor een Baapke!!



Ook Harm Abma was mee!



's Avonds zijn we even uit eten geweest bij de Wok in Bolsward.

Arjan Hallema

SDS Vr.1 2014-2015

Seizoen 2014-2015 wie foar dizze VR1 it earste seizoen dat hja yn dizze gearstalling fuotballen. In pear froulju sieten ferline jier ek al yn VR1 en de rest kaam fanút de MC trochstreamen. Wy hiene in romme seleksje fan 17 toppers. Eins 18 want út entûsjasme stie Paul Walstra wol gau ris tusken de spilster yn it fjild. De earste wedstryd waard ferlern mei 8-2 tsjin de lettere kampioenen, âldegea VR1. Dit ferlies sette elkenien op skerp, it hiele team wie fokust om te winnen. Dit resultearde yn in moai tredde plak foar de winterstop. Wy ha dit jier gjin winter hân dus wy koene folle bak troch trene, foar ús dus dit jier gjin winterstop. Yn snits lei in moai kunstgêrsveld wêr wy gebrûk fan meitsjen mochten. Nei de “net” winterstop koene wy de kompetysje wer fanatyk begjinne. Mei û.o. moaie oerwinnings op buurtdoarpen Easterlittens en Tsjom. Ek tsjin âldegea VR1 koene wy fernimme dat wy better wurden wiene, wy ferlearen mei 3-4 wêrby âldegea de lêste goal skoarde yn de lêste minút. Oan it ein fan it seizoen stiene wy op in moai fjirde plak. âldegea en skearnegoutum binne promofeare nei de 4e klasse dus folgjend jier sille wy ús tocht rjochting it kampioenskip fuortsette. Wêrby wy der mei syn allen foar soargje sille dat de topskoarster fan dit seizoen, Tsjitske Heeres, har eigen rekord fan 39 goals ferbetterje kin.

Kusjes en een dikke lebbber Gerry-Edou en Hester



Einstân SDS League

Stand	Vorige stand	Naam team:	Naam:	Woonplaats:	Week 10	Week 11	Week 12	Totaal	Prijzen	Eind-prijzen
1	1	Postmeister	Jelmer Posthumus	Wommels	31	29	39	418	€ -	€ 100,00
2	2	FC Kali	Igor Kalinowski	Wommels	24	34	43	417	€ 6,25	€ 75,00
3	3	Hey Ho Let's Go	Willem Wijnia	Wommels	22	32	40	407	€ 6,25	€ 45,00
4	5	Frysk damjen is oars	Jelle Wiersma	Wommels	26	48	41	407	€ -	€ 45,00
5	7	Brouwer Power	Jelmer Brouwer	Boalsert	24	39	48	406	€ 12,50	€ 30,00
6	10	De skiep op it drûge	Jurjen Eringa	Wommels	31	46	46	397	€ -	€ 17,50
7	11	Best genôch	Rémon Rameau	Rien	30	49	46	397	€ -	€ 17,50
8	4	FC Duits	Ayanle Barkat	Grins	28	49	25	392	€ 4,25	€ 7,50
9	6	Algemeen Fons	Sjoerd Rispens	Wommels	31	22	29	392	€ -	€ 7,50
10	8	CAMATARU	René Zijlstra	Easterein	24	41	34	391	€ -	€ 2,50
11	9	2 krat H.J. a.u.b. Gert-Jan Hessels	Eeltsje Postma	Wommels	28	44	32	388	€ -	
12	14	FC DWOpke	Durk Okkema	Easterein	19	28	43	383	€ -	
13	13	Swingding	Aant Hofstra	Wommels	28	47	34	375	€ -	
14	12	Alarnox	Bas van der Wey	Easterein	23	20	25	370	€ -	
15	19	Jodan Boys	Jeroen Brouwer	Wommels	27	43	43	369	€ 4,25	
16	15	De Ruiver FC	Peter Stuiver	Wiuwert	20	48	25	364	€ 12,50	
17	20	Op 'e gok	Stefan van der Velde	Easterein	28	32	38	362	€ -	
18	18	Kom op Douwe, we gean op stap!	Pieter Wesselius	Wommels	25	34	33	361	€ 12,50	
19	21	Samba Sam	Douwe Kooistra	Kûbaard	23	21	36	359	€ -	
